

Konsept Nije Opset Toanielkriich en Toanieladvys



Septimber 2014

Ynhâldsopjefte

Ynlieding	side 2
Problemen	side 3
Doelstellingen	side 3
Hoe dogge we dit	side 3
Nije opset fan de Kriich	side 3
Oersicht ferskillen	side 4
STAF-Toanieladvys	side 5
Konklúzje	side 6
 Bylage 1	
Oersicht dielnimmende ferieningen oan de Kriich sûnt 1996	side 7
 Bylage 2	
Nije punteformulier	side 8-9-10-11
 Bylage 3	
Punteformulier Karmaster	side 12

Ynlieding

Al yn 2008 is der in reedlik útwrydsk ûndersyk dien nei it weromrinnen fan it tal by STAF oansletten ferieningen dat meidocht oan de Kriich¹. Dúdlike útkomst wie dat de Kriich in belangrike sosjale en ferbinende wearde hat foar it amateurtoaniel yn Fryslân. It is unyk yn Nederlân en út ferskillende hoeken wurdt der oantrune om de Kriich bestean te litten. Benammen it wedstriidelemint wurdt as hiel posityf sjoen. De ferieningen dy't oan it ûndersyk meidien ha wiene wol kritysk oer in tal saken. Oer dizze krityske noaten binne yn it ûndersyk oanrikkemandaasjes dien. Nei oanlieding fan de oanrikkemandaasjes yn dit ûndersyk is de Wurkgroep Oplieding Karmasters (WOK) oprjochte.

De wurkgroep hat in beliedsplan² skreaun dêr't oanrikkemandaasjes foar de koarte en de langere termyn yn stean. Oanninge en ynstek fan it nije belied wie dat it weromrinnen fan it tal dielnimmende ferieningen oan de Kriich in ho taroppen wurde koe troch it op koarte termyn ynsetten fan mear Karmasters en it kennisnivo fan de Karmasters te ferheegjen, en ek de kommunikative bekwamens. Yn jannewaris 2009 is de earste oplieding foar Karmasters yn syn nije opset fan start gien. Der is fanôf dat momint sterk ynset op it ferheegjen fan it kennisnivo en de kommunikative bekwamens fan de Karmasters. De coachende en advisearjende rol fan de Karmaster nei de feriening ta, wurdt belangriker makke as it tal punten dat jûn wurdt. Foarop stiet dat it neipetear foaral in learend effekt ha moat, omdat út de ûndersiken dúdlik wurden wie dat ferieningen sterk behoefte ha oan oplieding en begelieding. Foar de langere termyn wie der de oanrikkemandaasje om it punteformulier en de wize fan "puntsjen" oan te passen en de Kriich ek tagonklik te meitsjen foar oarsoartich toaniel. Dit lêste punt is al yn 2012 ynfierd.

Yn 2012 is der troch STAF in "betelle" Kriichkoördinator beneamd fan út de motivaasje dat de Kriichkoördinator it fisitekaartsje fan de Kriich is, ien is dy't ferbine kin, dy't de kwaliteit yn de gaten hâldt en it oansprekpunt is foar de ferieningen. Ek soe hjirtroch de dielname oan de Kriich in nije ympuls krije moatte.

Op 17 maart 2012 is er ûnder lieding fan Bouke Oldenhof in ekspertmoeting organisearre yn Rottefalle³, dêr't it bestjoer fan STAF, de leden fan de Kriichkommisje, minsken fan Frats, Karmasters en in tal leden fan oansletten ferieningen, neitocht ha oer de takomst fan de Kriich. Dizze sessy hat op 12 juny 2012 in ferfolch hân yn Aldskoat⁴ yn in oerlis fan it STAF-bestjoer en de Kriichkommisje. Hjirnei is der in wurkgroep besteande út: Akke Miedema en Anneke de Vries fan de Kriichkommisje en Iebe Bouma en Japke de Vries fan it STAF-bestjoer oprjochte.

De wurkgroep is in tal kearen by elkoar west en hat in foarstel makke dat besprutsen is mei de Karmasters⁵, binnen de Kriichkommisje en it STAF-bestjoer. Mei ferwurking fan alle op- en oanmerkingen⁶ dy't út dizze petearen kommen binne, leit no it plan "Nije Opset Kriich" foar jo.

¹ Undersyk Dielname Toanielkriich, maart 2008

² Beliedsplan 2009-2012 Oplieding Karmasters, novimber 2008

³ Ferslach ekspertmoeting STAF, maart 2012

⁴ Ferslach ekspertmoeting Aldskoat, juny 2012

⁵ Ferslach gearkomste Wurdum oer takomst fan de Kriich, jannewaris 2014

⁶ Reaksje op gearkomste Wurdum, febrewaris 2014

Problemen

1. Nettsjinstearde alle ynspanningen bliuwt it tal ferieningen dat oan de Kriich meidocht, ôfnimmen.(sjoch bylage 1)
2. Der is ûnfrede by de ferieningen oer de ynhâld fan it neipetear yn relaasje ta it tal punten dat jûn is.
3. De Karmasters sitte meastal yn in dûbelrol tusken dy fan beoardieler en dy fan coach.
4. De puntetelling en klasse-yndieling is yngewikkeld en net transparant.

Doelstellingen

1. It weromrinnen fan it tal ferieningen stoppet en groeit wer nei minimaal it nivo fan 2000
2. Der is gin ûnfrede mear by de ferieningen oer de ynhâld fan it neipetear yn relaasje ta it tal punten dat jûn is.
3. De taak fan de Karmaster wurdt helder en der kin mar ien útlis oan jûn wurde.
4. It punteformulier is maklik te brûken en de yndieling fan de klassen is transparant.

Hoe dogge we dit?

Dúdlik is dat de Kriich bestean bliuwe moat en dat foaral it wedstriidelemint hjirfan as posityf sjoen wurdt. Ek it belang fan en de behoefte oan oplieding en begelieding komt út de ferieningen sterk nei foaren. Omdat de kombinaasje tusken dizze beide saken foar alle partijen ferwarrend en lestich blykt te wêzen, kiest de wurkgroep, op advys fan de ferskillende oerlismominten dy't der mei partijen west binne, foar in opsplitsen fan dizze beide saken. Oan iene kant troch it wedstriidelemint te fersterkjen en sa fan de Kriich in suvere wedstriid te meitsjen. Oan de oare kant it opsetten fan in eigen dissipline troch it opliedings- en begeliedingsoanbod fan út STAF te fergrutsjen.

1. Nije opset fan de Kriich

Fersterkjen fan it wedstriidelemint. Dielname stimulearje troch eigen keuze foar in neipetear, transparânsje fan de punten, prizen dy't de muoite wurdich binne en de klam te lizzen op it feestlike karakter fan de Slútjûn.

- De Karmaster wurdt wer "keurmeester" en is der foar it jaan fan punten.
- In ferieniging kin wannear't hy him opjout foar de Kriich oanjaan oft se in neipetear ha wolle of net.
- Wannear't der keazen wurdt foar in neipetear, dan wurde de punten by it neipetear bekend makke. It neipetear sil oan de hân fan de punten dy't jûn binne en it beoardielingsformulier fierd wurde. De punten kinne, wannear't de Karmasters dit nedich achtsje, nei it neipetear noch bysteld wurde.

- Kiest in ferieniging net foar in neipetear dan wurde de definitive punten binnen 2 wiken nei it beoardieljen (*skôgjen*) fan de foarstelling oer de e-mail en oan de hân fan it beoardielingsformulier bekend makke.
- De puntelist is ferienfâldige (sjoch bylage 2) en de klasse-yndieling wurdt transparant. Der wurdt spile yn 3 klassen en elke ferieniging dy't oan de Kriich meidocht, begjint yn de klasse dêr't hy op bases fan it behelle tal punten yn it foarôfgeande toanielseizoen yn einige is. Der wurdt by de klasse-yndieling net mear sjoen nei it gemiddelde tal punten oer in tal jierren dat de feriening oan de Kriich meidien hat.
- Elke ferieniging kin elk jier opnij beslute om wol of net oan de Kriich mei te dwaan. Wol in feriening in jier net oan de Kriich meidwaan, dan hoecht hy dat net te melden. Ek it oanfreegjen fan in ûntheffing is net nedich.
- Ferieningen hoege harren allinne oan te melden wannear't se oan de Kriich meidwaan wolle. Nei dat in feriening in jier of mear jierren net oan de Kriich meidien hat, start in ferieniging altyd yn de klasse dêr't se kwa punten it lêst yn einige is.
- Yn alle trije klassen binne in earste en twadde jildpriis te winnen troch de ferieningen mei it heechste tal punten in syn klasse fan dat jier. De jildprizen binne yn alle klassen like heech.
- Der is in oanmoedigingspriis foar de ferieniging met it meast bysûndere en/of oandoarde stik of prestaasje. Dizze oanmoedigingspriis kin net wûn wurde troch in priiswinner en is echt in ekstra priis.
- It opwurdearjen fan de Slútjûn troch net mear alle delnimmende ferieningen en punten te neamen, mar allinne de priiswinners nei foaren te heljen en útwrydsk yn it sintsje te setten. De prizen moatte persoanlik troch de ferieningen ophelle wurde op de Slútjûn, se wurde net neistjoerd.
- It toanielstik dat op de Slútjûn spile wurdt is in premjêrestik fan in ferieniging dy't dat jier ek oan de Kriich meidocht. Ferieningen, dy't wol lid fan STAF binne, mar bûten Kriichferbân spylje, komme net mear yn oanmerking om op de Slútjûn te spyljen.

Oersicht ferskillen tusken de hjoeddeiske en nije Kriich/Slútjûn

No	Nij
Neipetear ferplichte	Neipetear op fersyk
Punten bekend makke op Slútjûn	Punten bekend makke by it neipetear of 2 wiken nei it skôgjen fan de foarstelling
Alle punten wurde bekend makke op de Slútjûn	Allinne de priiswinners wurde bekend makke
Der wurdt spile yn 5 klassen o.b.f. it gemiddelde tal punten oer 3 jier	Der wurdt spile yn 3 klassen en elk jier begjint in ferieniging met 0 punten
Der is gjin ekstra priis	Der wurdt in oanmoedigingspriis útrikt foar it meast bysûndere/oandoarde stik.
Der is no 150 euro foar de earste priis en 75 euro foar de twadde priis.	Der is 500 euro foar de earste priis en 250 euro foar de twadde priis en ek 250 euro foar de oanmoedigingspriis.
Elke ferieniging dy't lid is fan STAF en in premjêrestik spilet kin him opjaan om op de Slútjûn te spyljen	It te spyljen stik fan de Slútjûn wurdt útsocht út in premjêrestik fan in feriening dy't ek meidocht oan de Kriich.
De feriening dy't op de Slútjûn spilet krijt in priis fan 1000 euro en in ûnkoestefergoeding fan maksimaal 1000 euro.	De feriening dy't op de Slútjûn spilet krijt allinne in ûnkoestefergoeding fan maksimaal 1000 euro.

2. STAF-toanieladvys

Wannear't de Kriich in wedstriid wurdt, wurdt it hiaat yn de behoefte oan en it aanbod fan oplieding en begelieding foar ferieningen noch grutter. Temear omdat ek Frats net mear bestiet en ûnder de nije namme Theater by Keunstwurk in minimaal aanbod is oan opliedingen op it gebiet fan toaniel. Dit gat wurdt opfolle troch it opsetten fan STAF-toanieladvys.

- Der wurdt in databank oanlein mei saakkundigen en adviseurs, al of net profesjoneel wurksom yn syn of har fakgebiet. Yn de statuten fan STAF ûnder doelstelling 2a stiet: It befoarderjen fan it amateurtoaniel en de dramatyske foarming yn de provinsje Fryslân yn al har ferskiningsfoarmen: ûnder mear op it artistyk, estetysk, technysk en organisatoarysk mêd. Dizze databank bestiet dan ek út in breed skala oan disciplines, fan in grimeur en in rasbestjoerder oant in spesjalist op it gebiet fan regy of klucht.
- Dizze databank fan saakkundigen en adviseurs wurdt beheard, begelieden en organisearre troch de STAF-toanielkoördinator, foarhinne de koördinator STAF-toanielkriich.
- Oansletten ferieningen kinne fia de STAF-toanielkoördinator fan dizze saakkundigen en adviseurs gebrûk meitsje foar harren oplieding en trening.
- De ferieningen kinne fan STAF in subsydzje fan 25% krije foar harren oplieding/trening. Dit wurdt mar 1x yn 't jier foar maksimaal fjouwer deidielen takend.
- Utgongspunt is dat de minsken yn dizze databank in maksimum taryf fergoeding fan 150 euro eksklusyf reiskosten de oplieding/trening (deidiel) deklarearje meie.
- Ferieningen meie ek sels in saakkundige of adviseur freegje fan wa't se in oplieding ha wolle. De subsydzje is lykwols oant 25% fan in maksimum fan 150 euro per deidiel en maksimum 4 deidielen yn 't jier.

Konklúzje

Troch dizze oanpassingen fan de Kriich ferwachtsje wy dat de Kriich wer spannender, leuker en útdaagjender wurdt. Us doel is om binnen 5 jier wer op it nivo fan 2000 te sitten, dus 75 dielnimmende ferieningen. It puntensysteem wurdt transparanter en de klasse-yndieling earliker en oersichtliker omdat der net mear wurke wurdt mei it gemiddelde tal punten fan in tal jierren. Der binne moaie jildprizen te winnen en elke feriening kin elk jier opnij en sûnder konsekwinsjes beslute om wol of net mei te dwaan oan de Kriich. It oanfreegjen en ferwurkjen fan ûntheffingen is net mear nedich. Dit betsjut dat it no ek ynteressant is foar spilersploegen, mei in tydlik karakter, om oan de Kriich mei te dwaan. Ienich betingst is oansluten wêze by STAF. Omdat it ferplichte karakter fan it neipetear ferdwynt, sil it foar ferieningen oantrekliker wurde om mei te dwaan oan de Kriich. Sy beslute sels wat se wolle en ha dêrtroch mear ynspraak en mooglikheid yn de kar. De taak fan de Karmaster wurdt helder en konkreet, dy jout punten. Hjirtroch is der minder betizing en sil ek it winnen en oplieden fan Karmasters mear dúdlikens jaan. De opliedingen en by-opliedingen binne rjochte op it jaan fan punten en it ynhâldlik ferantwurdzjen hjirfan. De rol fan de Kriichkommisje wurdt konkreet: it organisearjen fan in toanielwedstriid en it stypjen fan de STAF-toanielkoördinator by it organisearjen it ûnderdiel STAF-toanieladvys.

Troch it ynfieren fan in STAF-toanieladvys ferwachtsje wy dat we de ferieningen better foarsjen kinne yn harren behoefte oan oplieding en by-oplieding mei in spesjalist dy't har eigen keuze is en op in momint dat it har goed útkomt. It by-effekt fan dizze nije tsjinst fan STAF is dat it mear oantreklik wurdt foar ferieningen om harren oan te sluten by STAF. Se krije ommeers service by it ynsetten fan saakkundigen en adviseurs en krije dêrby ek nochris subsydze.

Bylage 1

Dielnimmende ferieningen oan de Kriich sûnt 1996

Jier	Tal dielnimmende ferieningen
1996	89
1997	91
1998	81
1999	76
2000	75
2001	70
2002	69
2003	67
2004	71
2005	66
2006	59
2007	61
2008	69
2009	64
2010	63
2011	59
2012	56
2013	56

Bylage 2

PUNTEFORMULIER KRIICH STAF 2015-2016

Op elk fan de 17 ûnderdielen binne maksimaal 5 punten te heljen. Elk fan de beide Karmasters jout punten, de punten wurde by elkoar opteld. By in ferskil fan twa punten of mear by in ûnderdiel moatte de Karmasters oerlizze, en sjen oft sy harren beoardieling oanpasse moatte. By elk ûnderdiel kinne de Karmasters mei in wurd of sin har oardiel taljochtsje oan de hân fan in foarbyld út de foarstelling. Dat hoecht net.

Soms hat in ûnderdiel in fiifpenteskaal, soms in fjouwer- of in trijepunteskaal. Dan binne op dat ûnderdiel ien of twa losse bonuspunten ta te kennen, dy't in krekt wat oar faset fan it ûnderdiel beljochtsje.

1. KAR FAN IT STIK

1. It stik slút amper oan by de spilers
2. It stik slút oan by de spilers
3. It stik befettet in mooglike útdaging foar de spilers
4. It stik befettet in mooglike útdaging foar spilers en publyk

Bonuspunt: de foarstelling hâldt ekstra goed rekken mei de (ûn)mooglikheden fan de seal

2. OPFETTING

1. Der is neitocht oer it opfieren fan it stik
2. Der is in fisy op ynhâld en styl keazen
3. De fisy wurdt realisearre yn de foarstelling
4. De fisy wurdt oertsjûgjend realisearre

Bonuspunt: De fisy op ynhâld en styl is ûnferwachte en oertsjûgjend.

3. BYSUNDERHEID

1. De foarstelling is sa't ferwachte wurde kin
2. De foarstelling hat in ferrassend elemint
3. De foarstelling hat in pear ferrassende eleminten
4. De foarstelling is oars as oars
5. De foarstelling is fernijend

4. MISE EN SÊNE

1. Der binne dúdlike ôfspraken oer wêr't de spilers stean
2. Der binne dúdlike ôfspraken oer hoe't de spilers tsjinoer elkoar bewege
3. De mise en sêne is ôfwikseljend en/of hat betsjutting en/of is ferrassend
4. De mise en sêne is ôfwikseljend, hat betsjutting en is ferrassend
5. De mise en sêne is lyk as 4 en is dryst en toant lef

5. TEMPO EN RITME

1. De foarstelling heakket sa no en dan
2. De foarstelling rint goed troch
3. Der is ritme en ôfwikseling yn de foarstelling
4. Der is in opbou fan spanning yn de foarstelling
5. De oergongen fan de iene nei de oare sêne passe yn it ritme

6. SPULSTYL

1. Elke spiler hantearret syn eigen styl
2. De spilers hantearje fierhinne deselde styl
3. De spilers jouwe de styl bewust foarm yn stim, hâlding en beweging
4. De foarstelling hat in bewuste styl dy't de bedoeling fan de foarstelling fersterket
5. De foarstelling hat in bewuste styl dy't de foarstelling ekstra oantreklik makket

7. TEKSTBEHANDELING

1. De teksten binne goed te ferstean
2. De yntinsjes fan de teksten wurde dúdlik
3. De spilers belibje en ferbyldzje de teksten
4. De spilers spylje yntins komysk of emosjoneel; sy meitsje oergongen yn yntinsjes

Bonuspunt: alle spilers kenne alle teksten goed

8. HAADROL 1 (as der mar ien haadrol is of mar ien rol, dizze 2x of 3x telle)

1. De akteur begrypt syn personaazje amper, krijt de rolfiguer amper te pakken.
2. De akteur begrypt de driuwfearren fan syn personaazje
3. De akteur jout de driuwfearren fan syn personaazje stâl yn stim en beweging
4. De akteur jout de driuwfearren en de ûntwikkeling fan syn personaazje stâl yn stim en beweging
5. De akteur wit syn personaazje ûntroerend of opwinend stâl te jaan

9. HAADROL 2

1. De akteur begrypt syn personaazje amper, krijt de rolfiguer amper te pakken
2. De akteur begrypt de driuwfearren fan syn personaazje
3. De akteur jout de driuwfearren fan syn personaazje stâl yn stim en beweging
4. De akteur jout de driuwfearren en de ûntwikkeling fan syn personaazje stâl yn stim en beweging
5. De akteur wit syn personaazje ûntroerend of hylarysk stâl te jaan

10. REST FAN DE PLOECH

1. De oare akteurs begripe har personaazje amper, krije de rolfiguer amper te pakken
2. De oare akteurs begripe de driuwfearren fan har personaazjes
3. De oare akteurs ferbine de driuwfearren fan har personaazje oan harsels
4. De oare akteurs jouwe harren personaazjes stâl yn stim en beweging

5. Oare akteurs witte harren personaazjes ûntroerend of hylarysk stâl te jaan

11. MEI-INOAR OPSPYLJEN

1. De spilers wikselje inoar ôf
2. De spilers jouwe elkoar de romte, gunne mekoar poadium en pul
3. De spilers ha kontakt mei elkoar
4. De spilers reitsje elkoar
5. De spilers brûke it tsjinspul optimaal

12. DEKOR

1. It dekor is amper funksjoneel, steurt it spyljen
2. It dekor is smaakfol en fersoarge
3. It dekor stipet de sfear
4. It dekor ferdúdliket de tematyk
5. It dekor past goed by de styl fan de foarstelling

13. KOSTÚMS

1. De kostúms binne fersoarge
2. De kostúms binne smaakfol
3. De kostúms ferdúdlikje de rollen
4. De kostúms passe goed by de styl fan de foarstelling

Bonuspunt: Kap en grime binne funksjoneel

14. TECHNYK

1. It ljocht en it lûd binne fersoarge
2. It jocht en it lûd binne smaakfol
3. It ljocht en it lûd stypje de sfear of ferdúdlikje de tematyk
4. De kar fan beljochting, lûd en muzyk past goed by de styl fan de foarstelling
5. In bysûndere ynset fan technyk ferheget it effekt fan de foarstelling

15. WILLE EN YNSET

1. De ploech docht wat der frege wurdt
2. De ploech spilet mei nocht
3. De ploech spilet enerzjyk
4. Der is sprake fan in bredere affiniteit fan feriening of doarp by de foarstelling

Bonuspunt: De foarmjouwing fan programma, affysje, website draacht by oan de útstrieling fan de foarstelling

16. WIKSELWURKING MEI PUBLYK

1. It publyk sjocht nei hoe't de spilers it dogge
2. It publyk folget it ferhaal
3. It publyk folget de foarstelling mei oandacht
4. It publyk reagearret op de foarstelling

5. It publyk reagearret yntins op de foarstelling

17. EKSTRA BONUSPUNTEN

Fan 1 oant 5 ekstra bonuspunten ta te kennen foar in útsûnderlike prestaasje fan it selskip. Jim kinne hjirby tinke oan kostúms, technyk, muzyk, dekor, en folje it fierder sels mar yn.

Yndieling yn klassen

Yn it seizoen 2014-2015 draait de Kriich noch op de âlde manier, mei de âlde puntelist en de yndieling yn fiif klassen.

Mar yn dat seizoen freegje we alle Karmasters om ek op de nije manier te puntsjen. Op basis fan dy punten wurde de selskippen yndield yn trije klassen. Yn dy klasse starte de selskippen yn 2015-2016 en yn dy klasse kinne se dan in priis helje. De punten dy't de selskippen oan de ein fan seizoen 2015-2016 helje, bepale yn hokker klasse at se starte yn seizoen 2016-2017. We rekkenje dan dus net mear oer 3 jier, elk jier einiget in selskip yn de klasse dy't bepaald wurdt troch it tal behelle punten fan dat jier.

Selskippen dy't yn it foarige seizoen of mear seizoenen net oan de Kriich meidien hawwe, starte yn de klasse dêr't se kwa punten it lêst yn spile ha.

Mei de nije list binne maksimaal 170 punten te heljen.

Foarearst sil de yndieling wêze sa as hjirûnder, mar nei it proefjier 2014-2015 kin dat op basis fan erfaring oanpast wurde:

3^{de} klasse 0 – 85 punten

2^{de} klasse: 86 – 130 punten

1^{ste} klasse: 131—170 punten



Karmaster – punteformulier.

Selskip:

út

Datum

Karmaster 1:

Karmaster 2

Spile stik:

Neipetear op:

		punten K1	punten K2	mei-inoar
1	Kar fan it stik			0
2	Opfetting			0
3	Bysûnderheid			0
4	Mise en sêne			0
5	Tempo en ritme			0
6	Spulstyl			0
7	Tekstbehanneling			0
8	Haadrol 1			0
9	Haadrol 2			0
10	Rest fan de ploech			0
11	Mei-inoar opspyljen			0
12	Dekor			0
13	Kostúms			0
14	Technyk			0
15	Wille en ynset			0
16	Wikselwurking mei publyk			0
17	Ekstra bonuspunten			0
	Mei-inoar	0	0	0

opstjoere of e-maile nei:

E- mail:

STAF, p/a Keunstwurk
t.a.f. Aafje Stolte
Postbus 1288
8900 CG LJOUWERT
a.stolte@keunstwurk.nl